

Oarder fan tsjinst snein
14 septimber 2025
Nieuw Perspectief te Hurdegaryp

Foargonger: ds. Foekje Fleur Fink
oargel: Joop de Jong
foardrager: Erica Bergema

Oargelspyljen
en sjonge foar de tsjinst:

Liet fan de moanne: no. 992
'Wat wol de Hear noch mear fan ús'

1 Wat wol de Hear noch mear fan ús
as dat wy earlik en trou op
de wei gean fan ús God?

2 Wat wol de ierde mear fan ús
as dat wy tsjinje en hoedzje
as minsken nei Gods byld?

3 Wat wolle minsken mear fan ús
as dat wy brekke en diele
allyk ' t ús it foardien is?

4 It is de Geast dy' t ús beweecht
Gods wil te dwaan en te soargjen
foar al wat libje mei.

Wolkom en meidielings troch tsjerkerie
In amerij fan stilte om ús ta te rieden op de
tsjinst

lepeningsfers liet 283: 1-4 ‘

Yn ‘e mannichte fan lûden, yn it stoarmjen
fan ‘e tiid’

1 Yn ‘e mannichte fan lûden,
yn it stoarmjen fan ‘e tiid,
sykje wy it sêfte sûzjen
fan it wurd dat freugde biedt.

2 Rûnom wei, yn dit fermidden
ha wy nei ien boarne socht,
nije dreamen woll’ we_om bidde
en ús rjochtsje nei it ljocht.

3 Want wy minsken hjir op ierde
wurde wurch fan nacht en kwea.

Soene Jo, Hear, ús net liede
dan oermanne ús de dea.

4 Lit ús yn jo frede diele,
lit him delkomme_as de dau.
Wol ús heine yn ' e strielen
fan jo goedens en jo trou.

5 Jo, dy' t ús by namme neame,
leafde jouwe dei oan dei:
sjongend sille wy Jo earje
en dit hiele hûs sjongt mei!

Bemoediging en groet

- f. De Hear sil by jimme wêze.
 - a. De Hear sil jo bewarje.
- f. Us Helper is de Hear,
 - a. dy' t himel en ierde makke hat;
- f. dy' t trou bliuwt oant yn ivichheid
 - a. en net los lit wat syn hân begûn.
- f. Genede komt jim ta en frede
 - fan God ús Heit en
 - fan Jezus Christus de Hear

Drompelgebed

- f. O God, kear Jo om nei ús ta
 - a. en lit ús wer libje mei hert en siel.
- f. Lit ús, o Hear, Jo leafde sjen en jou ús
Jo heil.

O Hear, hear ús gebed
en lit ús roppen ta Jo komme.

Hilligje ús hert, o Hear,
dat wy bern oan hûs wêze meie, yn Jo
geheimen en yn Jo hillichdom.
Troch Him dy' t ús Master is,
Jezus Messias. Amen.

Wy sjonge liet 195
"Eare oan de Heit en de Soan'

Eare oan de Heit en de Soan
en de hillige Geast,
lykas yn it oanbegjin, no en jimmer
en fan ivichheid oant ivichheid.
Amen.

Gebed

Wy sjonge liet 1005: 1-5

Langjend nei Ljocht stean wy yn t tsjuster

1 Langjend nei Ljocht stean wy yn ' t tsjuster;

langjend nei wierheid sykje wy Jo.

Lit ús jo eigen hillich folk wêze

ljocht dat de wrâld beskynt.

refrein:

Kristus, ús ljocht,

skyn yn ús hert,

brek troch it tsjuster.

Kristus, ús ljocht,

skyn yn Gods bern, hjir yn jo hûs!

2 Langjend nei rêst, pleagje ús soargen
langjend nei hoop, ha wy fertriet.
Inkeld jo wurd kin ús befrije.
Meitsje_ús jo stim dy' t sprekt.
refrein

3 Langjend nei iten, minsken mei honger.
Langjend nei wetter, minsken mei toarst.
Meitsje_ús jo brea, brutsen foar oaren,
partsjend wurdt elk dan sêd.
refrein

4 Langjend nei skûlplak, safolle dakleas.
Langjend nei waarmte, safolle kâld.
Meitsje fan ús, libbene stiennen,
in thús foar elkenien.
refrein

5 Safolle jeften, safolle minsken,
safolle herten dogge graach mei.
Meitsje_elk fan ús tsjinstber oan oaren,
sa komt jo keninkryk.

refrein

Foar jong en âld:
'Levi wurdt roppen (Nei Lukas 5: 22-32)

Gebed

Lêzing O.T. Psalm 107
yn wiksel mei sjongen (gemeente)
en lêzen [foardrager]

Sjonge fers 1 en 2
'Lit no de lofsang klinke'

1. Lit no de lofsang klinke;
wat is de Heare goed!
Ja, God woe om ús tinke
en hat ferlossing stjoerd.
Dat is it lokkich liet
fan wa' t út fiere lannen
befrijd op hûs oangiet,
ûntslein fan boei en bannen.

2. Guon doarmen troch woestinen,
hja swalken nacht en dei;
dêr wie gjin paad te finen,
gjinien kaam har benei.
Hja seagen út nei brea

en giene, al hast fersmachte,
troch 't woeste toarre gea
dêr' t har gjin útkomst wachtte.

Lêze fers 4-9

Sjonge fers 4

‘.No bringe wy de Heare’

4. No bringe wy de Heare
om syn goedgeunstichheid
oanbidding, tank en eare;
ús God docht wat Er seit.
Wa’ t mei syn hiele hert
Him oanropt om genede,
dy wurdt yn frijheid set,
dy kroant Hy mei syn frede.

Lêze fers 10-16

Sjonge fers 7

‘No bringe wy de Heare’

7.No bringe wy de Heare
om syn goedgeunstichheid
oanbidding, tank en eare;
ús Goddocht wat Er seit.
Wa’ t mei syn hiele hert
Him oanropt om genede,
dy wurdt yn frijheid set,
dy kroant Hy mei syn frede.

Lêze fers 17; 23-32

Sjonge fers 14
'No bringe wy de Heare'

14.No bringe wy de Heare
om syn goedgeunstichheid
oanbidding, tank en eare;
ús Goddocht wat Er seit.
Wa' t mei syn hiele hert
Him oanropt om genede,
dy wurdt yn frijheid set,
dy kroant Hy mei syn frede.

Lêzing NT Lucas 5: 27-32

Oertinking

Oargelspyljen (in frije bewurking fan de oargelist)

Wy sjonge liet 315: 1 en 3
'Wy tankje Jo, o God en Heare'

1 Wy tankje Jo, o God en Heare,
dy' t wenje_yn ûntagonklik ljocht,
dat Jo yn ' t wurd jo ta ús keare,
jo leafde hat ús altyd socht.

No sil in nije moarntiid rize,
sa bliuwt jo treast ús noait ûntsein,
en wat ferburgen bleau foar wizen
ha Jo foar berntsjes iepenlein.

3 Gemeente, oan jim ierdske hannen
hat God dit boadskip tabetroud;
o draach it út nei alle lannen,
sadat it rûnom wjerlûd jout.
En is de ropstim ta ús kommen
dat minskegeunst en -hearlikheid
ferwaait as gers en greideblommen –
Gods wurd bestiet yn ivichheid.

Dankgebed en foarbea

Stil gebed

Wy sjonge:
'God fan fier en hein ús Heit'
(Eppie Dam)

God fan fier en hein ús Heit,
dat wy hilligje jo namme,
ûnder ús sa faak ûntwijd,
troch jo eigen bern beskamme.

Bûch de folken nei jo wet,
Lit jo ryk op ierde komme.
Byn jo wil ús op it hert
en wy sykhelje ferromme.

Jou ús hjoed ús deistich brea
en ferjou wat wy misdiene,
sa' t ek wy ferjûn ha, Hear,
al dy' t skuldich foar ús stiene.

Lit oer ús gjin neare nacht,
lied ús net yn blyn begearen.
Binne wy yn duvelsk macht,
Hear, ferlos ús fan 'e kweade.

God fan fier en hein ús Heit,
wûnder heimnis is jo namme,
grut yn krêft en hearlikheid,
oant yn alle tiden. Amen.

Kollekte

Wy sjonge liet 423
'No' t wy wer fuortgean freegje wy God'

1 No' t wy wer fuortgean freegje wy God:
gean mei jo ljocht foar ús út!
No' t wy wer fuortgean winskje ik dy:
Gean mei God! Vaya con Dios en à Dieu!

2 Foar al ús leafsten freegje wy God:
gean mei jo ljocht foar ús út!
En al ús freonen winskje wy frede:
Gean mei God! Vaya con Dios en à Dieu!

3 Foar alle minsken, ek ûnderweis:
frede en goeds yn elk hûs!
Foar har dy' t kamen ûnder dit dak:
Gean mei God! Vaya con Dios en à Dieu!

Segenbea